

# In tryste houliksskiednis

Yn de Fryske Paperback-rige is in boek forskynd fan immen dy't oant nou ta wol bikend wie as dichter en koarte-forhalen-skriuwer, mar net as romanskriuwer: Durk van der Ploeg. Nou soe it miskien ek kreker wêze, *In man en in minske* net in roman to neamen, mar in greate novelle. De yntrige ommers is simpel, wy moetsje ien haedpersoan mei ien tsjinspylder, fan in ûntjowing yn de karakters is neat to bispeuren, de skriuwer komt daliks mei de krisis op it aljemint, mei 't de haedpersoan fuort yn de kritieke situaesje komt dy 't er sels bieingje sil mei it deadzjen fan syn oarehelte. Mar oft it nou in lytse roman hjitte moat, of wol in novelle fan hast hûndert bledsiden, dat makket ek al net folle út: it is in knap skreaune histoarje; mar fleurich is oars!

Jan Monsma komt thús fan it bûterfabryk dêr't er jierrenlang arbeider op west hat. Hy is fiifensechstich wurden en komt dêrmei op pinsjoen. It ôfskie hat tige freonlik west, hy hat sels in pear slokjes krigen, en dêrtroch hwat mear moed as oars. Underweis nei hûs ta keapet er in doaske sigaren fan fjouwer en in heale goune en dêrmei bigjint it lijen. Of better sein: dêrmei komt er ta it ynsjoch, dat er al jierren, faeks fan it bigjin fan syn trouwen ôf, yn it lijen sitten hat. Dat sil nou noch slimmer wurde, mei 't er tonei alle dagen thús wêze sil.

Tsjits, syn minske, stiet, skytskjinn as hja is, it efterhússtrjitsje to dweiljen en hja sjongt, fyn as hja is, dêr it liet by fan „De Heer is mijn herder.” Hwannear't hja him sjocht, kriget er daliks de wyn fan foaren en hwannear't hja syn leanpûdtsje iepenet, mist hja daliks de fjouwer-fyftich, hwat de stemming der net better op makket. Hy doart dan net mear to sizzen fan dy sigaren, mar

makket har wiis, dat hja him jild ôfhâlden hawwe foar de âld overall dy't er oanhat en dy't eigendom fan it fabryk wie. Hja is pûrlilk, wol him weromstjûre om dat jild noch op to heljen, mar dat docht er net. Dan giet hja sels hinne en komt werom mei it boadskip, dat hja neat ôfhâlden hawwe. Hy bliuwt der lykwols by, dat it wol sa is en berget de sigaren earne op 'e souder op. Op deselde wize forfalt er út en troch wer ta ûnearlikheit, net út gemienens, mar troch tokoart oan moed. Dêr komt dan syn argewaesje noch oerhinne oer har tsjerkerinnen: hy moat dêr neat fan hawwe, mar hy wit skoan, dat hja op him, de heiden, delsjocht. Boppedat pleaget it him út en troch, dat der gjin bern binne en dêrmei ek gjin pakesizzers.

Sa komt er dan ta it plan, in ein oar har libben to meitsjen. Hja docht der sels harres noch ta, troch him to forbieden langer by har to sliepen yn it bêdsteed yn de keamer en op 'e souder in bêd foar him ré to meitsjen.

Op in jountiid, hja is net rjocht by de tiid en leit al op bêd, jaget er de kachel goed op en slút dy dan alhiel ôf, wylst it bûten dampich waer is. Hja kriget dêr wol in dreun fan, mar krekt net genôch. Hy hat lykwols noch in oar middel efter de hân: forgif. Hy bigjint foarsichtichwei, mar jowt hieltyd mear, mei úteinliks it winske resultaat. Yn tiid makket er de útsloerde brol yn 'e hûs al hwat skjin en makket in listke op fan de lju dy't op 'e bigraffenis noege wurde moatte. Efkes sit er deroer yn, dat dokter, dy't, doe't hja siik wie net by har roppen wie, de misdie ûntdekke sil; mar dy komt net op it idé.

Wylst de earste snie bigjint to fallen, forbaernt er al har kleanspul bûten-doar. „*Mei in stôk poarket er de brân geregeldwei op en elke kear as er wer hwat fan Tsjits yn 'e brân smyt fielt er it as in stikje fan de bifrijng.*”

De ein fan it boek is allike karakteristyk: „*Yn 'e keamer bliuwt er foar de kiste stean. Hy sjocht oer de flier. Alles is rom. Moarn de kiste mei de skam-*

*mels ta de doar út en dan bigjint der in nij libben. Dan kriget er noch ienkear it plankje fan de kiste en bûcht him oer it glês. De noas stekt har as in biennen heft omheech. De toskten protte har ta de mûle út en hy kin in stikje fan har blauwe tonge sjen. Sa bliuwt er yn tinzen boppe de kiste stean en pluzet him in grou spoek út de noas. Dan bringt er it gesicht ticht nei it glês as wol er har drûgje en seit: Gjin dea guod baes.*

It is fan it bigjin ta de ein in tryst en tagelyk luguber forhael, mei de nedige spanning brocht. De auteur hat him folslein yn de situaesjes en de prakkesaesjes fan syn haedpersoan Jan Monsma ynlibbe en jowt dat wer yn in styl dy't de naturalistyske kant úthinget, net by útstek modern dus. Ofsjoen fan in tal prakkesaesjes fan Monsma dy't neffens my hwat slim wiidweidich werjown wurde, dúdlikerwize om it hâlden en dragen fan de man to forklearen, bliuwt de gong der wol yn. It forhael is ek wol aktueel, mei't it moardzjen mei forgif tsjintwurdich deistich nijs yn 'e krante is.

In sterk punt is sûnder mis, dat fan in swart-wyt-tekening gjin sprake is, al hie dat slim foar de hân lein: Tsjits is perfoarst gjin leaflik frommiske, mar dêrom is hja noch wol „nei it libben” tekene en men kin jin eins wol foarstelle, dat hja sa wurden is, mei sa'n stich fan in man as tsjinspylder. Mei him hat men as lêzer wol to dwaen, mar sympathyk is er dêrom noch net. Beide binne ek wol foargoed egoïstysk. Folle fleurichheit is der al mei al net oan, mar dat kin men altyd net easkje. It is sûnder mis in meinimend en oertsjûgjend forhael!

MARTEN SIKKEMA

Durk van der Ploeg, „In man en in minske”; Drukkerij en útjowerij Laverman N.V., Drachten 1968.

LC  
14/12/68